

Jierferslach Stifting Krúspunt 2023

Gearstalling:

Sipke Huismans, foarsitter < 22 april	Kwartettekoar
Piet Miedema, ponghâlder, hoeder webstee	demisjonêr
Geart Bruinsma	Deputaatskip Fr. Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken
Johannes Bakker	Kristlike Fryske Folks Bibleteek
Martha de Boer-van Slooten	Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert
Tryntsje van der Veer	Nijkleaster
Liuwe Westra, foarsitter >22 april	adviseur en plakferfangend skriuwer

Yn 2023 is it bestjoer seis kear by inoar kaam, dit op de lokaasjes Lollum (It Lokaal) en Tresoar.

Op 22 april waard de Krúspuntdei tradysjegetrou hâlden yn De Lantearne fan Akkrum, mei in ôslutende Fiering yn de Terptsjerke. De opkomst wie goed. Dy deis waard ôfskied naam fan de foarsitter en ponghâlder. Sipke Huismans en Piet Miedema waarden tige tanke foar har ynspannings. Liuwe Westra wie reewillich om it foarsitterskip op him te nimmen. Foar de fakante bestjoersposysjes wurdt ynfolling socht.

Op de Krúspuntdei waard de Bernard Smilde Priis (no twajierliks) útrikt oan It Kwartettekoar, yn 2006 oprjochte troch Hindrik van der Meer en no ûnder lieding fan Feike van Tuinen. De sjuery bestie út Grytsje Kingma, Tytsje Hibma en Peter van der Weiden. Yn de parse wie der omtinken foar de priis en It Kwartettekoar wurke mei oan de slotfiering, mei as foargongers Tytsje Hibma en Peter van der Weiden. It bestjoer hat dizze gearwurking tige wurdearre.

Yn 2023 stie as tema it brûken fan it Frysk yn de Earetsjinst sintraal, ek foar de Krúspuntdei, mei as doel te kommen ta en fêstlizzen en fasilitearjen fan belied op dit punt. Dêrta waard yn maaie in wurkgroep Taalbelied ynsteld, dy't nei de simmer twaris by inoar kaam. Yn de wurkgroep hiene in sit: Geart Bruinsma, Tryntsje van der Veer, Liuwe Westra en op útnûging dûmny Ageeth de Vries fan Akkrum, dy't op dit mêd har masterskripsje skreau. Lykwols die ein 2023 bliken, dit fia in artikel yn it FD, dat de Stifting YKFE oer itselde ûnderwerp al yn petear wie mei de nije klassispredikant Riemer Praamsma. Dit brocht de wurkgroep en it bestjoer fan Krúspunt ta it foarnimmen om de mooglikheid fan oparbeidzjen te ûndersykjen. Underwyls is it kontakt ta stân kaam.

Yn de bestjoersgearkomsten waard oandacht skonken oan in soarchfâldige oerdracht fan taken en waard ein novimber yn lyts ferbân ôfskied naam fan Sipke en Piet. Yn 2023 bleauwen wy yn kontakt mei organisaasjes op it tsjerklik mêd. Wy fregen oandacht foar de bondel Lieten fan Langstme en Leauwe. Fragen om stipe waarden besprutsen en foar safier mooglik honorearre. Dit jilde ek fersiken om oanwêzigens by gearkomsten. Yn it bestjoer wie de gearwurking noflik en wy ferwachtsje dit fuort te setten.

Burgum, 26 maart 2024

Tryntsje van der Veer